

Akademylêzingen 2026/2027

De Akademylêzingen (earder de Frouljuslêzingen) is in rige fan seis publykslêzingen oer aktuele, edukative, wittenskiplike en algemien-maatskiplike tema's, ferspraat oer it winterskoft.

De Akademylêzingen wurde organisearre op trije ferskate dagen: freed 13 novimber 2026, tiisdei 26 jannewaris 2027 en freed 19 maart 2027. Eltse dei binne der twa lêzings: de earste lêzing fan de dei is moarns fan 10:00-12:00 oere (mei kofjeskoft en fragen/diskusje), de twadde lêzing fan 13:30-15:30 oere (mei teeskoft en fragen/diskusje).

Jo kinne kieze om de lêzingen yn Ljouwert (Grand-Café Restaurant De Koperen Tuin) by te wenjen, of op 'e Jouwer (Party- en Sealesintrum 't Haske).

Datum	Groep I, Ljouwert	Groep II, De Jouwer
Freed 13 nov. 2026	<p>1. Dr. Jacob Klimstra Boek René van Stipriaan - Ofskie fan it âlde Nederlân: is ús demokrasy noch te rêden?</p> <p>2. Ds. J. Vonk 'Socrates en Plato. Vroedvrouw en grotbewoner'</p>	<p>1. Ds. J. Vonk 'Socrates en Plato. Vroedvrouw en grotbewoner'</p> <p>2. Dr. Jacob Klimstra Boek René van Stipriaan - Ofskie fan it âlde Nederlân: is ús demokrasy noch te rêden?'</p>
Tiisdei 26 jan. 2027	<p>1. Mark Raat, promovendus 'Skiednis fan it Fryske Feangreidegebiet yn hjoeddeistich perspektyf'</p> <p>2. Froukje Santing 'Pake en zijn vee. Een reis naar Zuid-Afrika in 1911'</p>	<p>1. Froukje Santing 'Pake en zijn vee. Een reis naar Zuid-Afrika in 1911'</p> <p>2. Mark Raat, promovendus 'Skiednis fan it Fryske Feangreidegebiet yn hjoeddeistich perspektyf'</p>
Freed 19 mrt. 2027	<p>1. Marije Elferink-Gemser 'Foarsizzen ûntwikkeling talinten yn de sport'</p> <p>2. Prof. dr. Theunis Piersma, RUG 'Wat fûgels elkoar oer ús lân fertelle'</p>	<p>1. Prof. dr. Theunis Piersma, RUG 'Wat fûgels elkoar oer ús lân fertelle'</p> <p>2. Marije Elferink-Gemser 'Foarsizzen ûntwikkeling talinten yn de sport'</p>

Opjefte & betelje

Ticket: € 30,- foar seis lêzingen.

It is net mooglik om foar in inkelde lêzing in kaart te keapjen.

Tickets en mear ynformaasje:

fryske-akademy.nl/akademylezingen.



Tickets Ljouwert



Tickets De Jouwer